

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan:

Jarich Hoekstra, berne 1956 te Hitsum, studearre Noarsk en Frysk oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wurke fan 1981 oant 1999 by de Fryske Akademy, earst as leksikograaf by it *Wurdboek fan de Fryske Taal* en sûnt 1987 as taalkundich ûndersiker. Promovearre yn 1997 te Grins op *The Syntax of Infinitives in Frisian*. Is sûnt 1999 heechlearaar Frysk oan 'e Christian-Albrechts-Universität te Kiel (Dútslân).

Bart Hoogeboom, berne 1988 te Swol, is studint Moderne Skiednis oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Set nei syn ôfstudearjen út ein as promovendus oan 'e Fryske Akademy/RUG. Syn proefskrift sil as ûnderwerp hawwe de ûntjouwing fan regionaal belied yn ûnderskate Europeeske regio's (û.o. Noardeast-Fryslân) sûnt de santiger jierren fan 'e tweintichste iuw.

Marijn Molema, berne 1982 te Grins, studearre Skiednis oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Promovearre yn 2010 oan 'e Vrije Universiteit fan Amsterdam op 'e skiednis fan it ekonomysk belied yn Noard-Nederlân en Noardwest-Dútslân (1945-2000). Is sûnt 2014 as histoarikus fan 'e njoggentjinde en tweintichste iuw ferbûn oan 'e Fryske Akademy. Molema fiert dêr in ûndersyksprogramma út nei de romtlik-ekonomyske ûntjouwing en regionale polityk yn Noard-Nederlân fan 1870 ôf.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

